


155 6 37

67







DE WIERSIZZER FEN NERGENSHUSEN



OF

OMKE JOUKE.

KLUCHTSPIL MEI SANG

YN

IEN BEDRJUW.



TO FRJENTSJER BY
T. TELENGA.

PERSOANEN.

OEBELE SKARLUN.

DE JONG, *Rintenier.*

TETSJE, *Syn dochter.*

JIFFROUW SWIER, *Rintenierske.*

FETSJE, *hjar dochter.*

BEERT STAM, *frijer fen Tetsje.*

HEERT SWAM, *frijer fen Fetsje.*



RIJKSUNIVERSITEIT UTRECHT




1410 7910

De WIERSIZZER fen NERGENSHUSEN

OF

OMKE JOUKE.

KLUCHTSPIL MEI SANG YN IEN BIDRJUW.



It toaniel is in plak yn 't bosk. Oan beide siden sjucht men in bank.

OEBELE, (*hy het in reissek yn 'e iene, in gongelstok yn 'e oare hân, klompen oan 'e foetten, in bril op 'e noas en in hege hoed op 'e holle.*)

Nou mast ris tige dyn best dwaen, Oebele! om to meitsjen, dat Beert tastimming kriget om mei Tet to trouwen en dat Fetsje it wiif fen Heert wirdt al wolle hjar âlden ek just oarsom. Omke Jouke mat den hjoed mar is for gek spylje, dat hab ik for dy jonge lju wol oer. (*Hy sjongt*)

WIZE: *Wij leven vrij.*

Wiersizzen is myn ambacht net,
Dat hab ik noait net leard;

Mar as 'k dermei biwirkje kin,
 Dat Tetsje en Fetsje nou hjar sin
 En wille krije, is 't net min,
 Né, den is 't net forkeard. (*bis.*)

Mar, lit my ris efkes troch de beammen kipje. Ja wol,
 hjeat! dêr komme heit en bern al oan. Kom, Oebele! dou
 mar ûnder dy bank. (*Hy krûpt ûnder in bank.*)

Sa kinne wy moai de stêd forriede.

DE JONG en TETSJE. (*Hja komme troch de beammen
 en gean op in bank sitten.
 Hja binne iensâldich klaeid.*)

DE JONG.

Dou kinste neat op 'e jongkeardel tsjin ha. Syn heit en
 mem binne tige by tige beste lju en Heert scil ek wol in goê
 Fries wêze, rjucht en sljucht as dy fen Boalsert, en moppen
 het er ek by de rûs.

TETSJE.

Dat kin wol wier wêze, heit! mar ik bin noch fiers to jong
 om to trouwen en wol noch graech hwet by heit yn 'e
 hûs bliuwe.

DE JONG.

Nou ja, ju! dat is best, der hab ik dy ljeaver om; mar
 heit wol nou graech, datst dou Heert ta man nimste; ik ha
 dy oan syn âlden ta sein for hjar soan as wiif en bilofte mak-
 ket skild.

TETSJE.

Mar as ik dy feint nou net is lije mei, heit! ho komt it den?

DE JONG

Dêr bin ik net bang for, dat scil wol gean.

TETSJE, (*fen siden.*)

Dat scil 't net. Ik hâld it mei Beert

DE JONG.

Seist hwet?

TETSJE.

Ja, heit! Hwennear komt dy Heert fen Heechterp hjir?

DE JONG.

Mei in lyts ketierke kin hy hjir wêze.

TETSJE.

Kin heit him wol?

DE JONG.

Né, ik kin him net, mar dat hoeft ek net; syn âlden kin ik sa folle to better en de apel falt trochstrings net fier fen 'e stamme. Kom, ik seil dy dat noch in lyts eintsje út bringe en him hjir den ôfwachtsje.

TETSJE

Goed, heit! ik wol der ljeafst net by wêze. (*Hja gean.*)

JIFFROUW SWIER en FETSJE, (*Hja komme troch de beammen mei yn parasol yn 'e hân. Hja binne danich yn 'e pronk.*)

JIFFROUW SWIER.

Min ljeave bern! dou kinst noait better man fine. Syn âlden binne ryk en Beert is hjar ienigste soan.

FETSJE.

Nou, mem! jild makket allinne net lokkich; de ljeafde mat er nedich by.

JIFFROUW SWIER

Dy komt fen sels, as er mar splint is.

FETSJE.

Tinkt jou dat, mem? (*fen siden.*) Ik net, ik wol myn sinnen ek net fen Heert ôfsette.

JIFFROUW SWIER.

Ja, ljea! dou kinst er dy mar fest nei sette, Beert mat dyn man wirde. Dat ha 'k syn heit en mem ûnthjitten.

FETSJE.

Het mem him wol ris sjoen?

JIFFROUW SWIER.

Né, Fetsje! ik kin him net, al foel ik oer him hinne, mar

hy mat to Flearterp bikind stean as in teintsje út tûsen. Dou mast mar tinke, sok âld, sok jong.

FETSJE.

Ei, ei, mem! as dat mar wier is.

JIFFROUW SWIER.

Dou seitt it sjen en ûnderfine. Mar ik gean noch in lyts eintsje mei dy dat út en den kom ik hjir wer om him ôf to wachtsjen. Hy scoe hjir om dizze tiid sa wat wêze.

FETSJE.

Kom dan mar, mem! Ik wol nou ek mar ljeaver nei hûs ta. (*Hja gean.*)

HEERT. (*As in boeresoan klaeid.*)

Nimmen noch hjir? Scoe de âlde de brief net goed lêzen hawwe? Mar né, dêr is er fiers to akkeraat ta. seit ues mem en dy wit it wol. It is mei dat al in heislik krús in wiif to trouwen op 't kommande fen yens âlden, om 't hja as goede frjeunen fen de Jong my al for syn dochter en dizze foar my bistimd hawwe, do 't wy noch yn 'e widze laeyen. In moaye wrâld as 't sa mat. Ik leau, dat hja Tetsje hiet, mar ik ha hja noait sjoen en ik wol ek net mei hjar trouwe. Fetsje fen jiffrouw Swier is myn alles hjir op ierde, hja wirdt myn wiif en oars gjin ien. Ik seil it hoopje ek sa wol meitsje, dat de âlde my de bons jowt. (*Hy sjongt.*)

WIZE: *Ginds onder groene linden.*

Scoe 'k mei in famke trouwe,

Dat ik net lije mei?

Dat scoe my siker rouwe,

Né, ljeaver gean 'k foarby.

Ik trouw noait as mei Fetsje,

Dat gnap en ynljeaf bern;

Ja, ja, de Jong syn Tetsje,

Hja kin der mar op sjen.

Mar stil, dêr komt de Jong fest al oan. Ik krûp hjir efkes efter dy tsjûke beam. Ik mat ris hjarre, hwet hy to sizzen het. (*Hy giet*)

BEERT. (*As in boeresoan klaeid*)

Jiffrouw Swier nog niet hier? Wol, stom, ik kin hast ek al Hollansk prate. Ik ha hjeard, dat myn oansteande skoanmoêr dêr in hele bulte mei op het. Mar hja seil 't fen my net hjarre. Ik woe, dat hjar wit wêr earne wier en hjar dochter Fetsje noch hûndert tûsen ûren fierder. 't Is hwet moayes, trouwe mei in faem, dy 'k noait sjoen ha en dy al foar my bistimd is foar ik de broek oan hie. Mar ik forpof it; ik wol mei de Jong syn dochter Tet, dat ljeave famke, boaskje en oars mei gjin ien, sa wier as Wopke libbet en ik Beert Stam hiet. (*Hy sjongt*.)

WIZE: *Ginds onder groene linden.*

Scoe 'k mei in famke trouwe,

Dat ik net lije mei?

Dat scoe my siker rouwe,

Né, ljeaver gean 'k foarby.

Ik trouw noait as mei Tetsje,

Dat ljeaf, iensâldich bern,

Ja, jiffrouw Swier hjar Fetsje,

Hja kin der mar op sjen.

Wol, iken, boeken, birkenbeam, as men oer de divel praet, den is er faken tichte by; dêr komt de dame al oan mei hjar ljeave dochter. Mar sjuch ik goed, dat is, hearink Beert! dat is Jonge, jonge, hwet giet it nou mal. Der het hja jandosie min ljeave Tet by hjar. Dêr bigryp ik gjin sikkepitsje fen, dat giet myn horrizon fier to boppe. Hwet liket dat noch in jonge mem! Mar ik kin 't gouw wiis wirde, ho dy foarke yn 'e stâlle sit. Dêr stiet in grouwe beam, dêr

verskûl ik my efter. Hja matte hjir dochts foarby komme.
Meiskien gean hja hjir wol ef kes op dizze bank sitten. (*Hy giet.*)

TETSJE en FETSJE. (*Hja komme troch de
beammen.*)

TETSJE.

Ei, ei, bist dou sa lang in Heechterp útfeenhûs west? Hest
ek in frijer hân?

FETSJE.

Nou, dat siz ik dy, in boppest beste. En ik fortel dy in
fortrouwen, ik wit, datst wol swije kinste

TETSJE.

O, as in poat.

FETSJE.

Wy scille Maye trouwe, dat het hy my en ik him ûnthjitten.

TETSJE.

Min ljeave gjnst, ho kin 't sa bryk. Myn frijer het my it
selde ûnthjitten.

FETSJE

Biste sleau? Hest dou den ek in frijer?

TETSJE.

Ja, ja, famke! hest dou de rjuchte Jozeph in Heechterp found,
ik ha myn hertelap in Flearterp opdien. Ik ha dêr fjouwer
wike by moaike Tet útfeenhûs west en al ridlik gouw hie hy
my en ik him yn 't each. Hy frege my en ik naem him oan,
en alle jounen kaem ik him yn 't lest to sjen en to sprekken.

FETSJE.

Wit dyn heit it al, Tet?

TETSJE.

Né, heit het in oaren foar my bitocht, 't mat in flinke
boeresoan wêze, mar dy wol ik nou dochts net ha.

BEERT. (*Efter de beammen.*)

Moai sa!

TETSJE.

Hwet wier dat?

FETSJE

Ik ha neat hjeard.

TETSJE.

Ik al. Scoenen hjir ek lústerfinken wéze?

FETSJE.

Ei, né ju! Dêr fleach meiskien in fûgel troch de beammen.

TETSJE.

Nou, siz, wit dyn mem it al ten dy, Fet?

FETSJE.

Ek noch net, mar mem het siker tocht, dat de feinten my net fine koenen, hja het al in oaren foar my yn 'e kikert, mar hja kin er op oan, dy wol ik ek net ha, ik lit my oan gjin strie bine, sa lang er noch touw is.

HEERT. (*Efter de beammen.*)

Moai sa!

FETSJE.

Né, mar, nou miende ik ek hwet to hjearren.

TETSJE.

Myn heit komt er fest oan.

FETSJE.

Of myn mem.

TETSJE.

Gouw den Fet! Ho hjit dyn frijer?

FETSJE.

Ja, dat wol ik dy wol sizze, mar hwet namme het dyn frijer?

TETSJE.

Tagelyk sizze!

FETSJE

Goed, lûd op!

TETSJE en FETSJE (*Tagelyk.*)

Beert! Heert!

BEERT. (*Hy springt op it toaniel*)

Hjir is Beert

HEERT. (*Hy springt op it toaniel.*)

En hjir is Heert.

TETSJE. (*Hja jowt Beert de hân.*)

Myn ljeave Beert!

FETSJE. (*Hja jowt Heert de hân.*)

Myn ljeave Heert!

BEERT (*Hy jowt Heert de hân.*)

Ho giet it mei dy, neef Heert?

HEERT.

Best, ho giet it mei dy?

BEERT

Sa soun as in fisk Mar hwa hie nou tinke kinnen, datst dou der ek sa ûnferwacht as in tongerkeil út de loft falle scoeste.

HEERT

Ja, man! de wonders binne yet net fen 'e Himmel ôf.

BEERT.

Dat liket my sa ta. Dou hast my fest ek biharke?

HEERT.

Dat koe wol net oars. Mar it is mei my likernoch itselde gefal as mei dy. Dochs binn' wy noch net yn de heinste keap. Hwet sizze jimme, froulju?

FETSJE.

Nou 't jou hjir binne, Heert! krij ik wer nije moed.

TETSJE.

Ik bin er ek tige bly om, dat Beert hjir is.

HEERT en BEERT. (*Hja sjonge togearre.*)

WIZE : *Dou, dou biste myn Anke.*

HEERT.

Dou, dou biste myn Fetsje,
Dou, dou biste myn bern,

Dou, dou bliuwste myn hertsje,
 Mei 'k dy as wiif ringen sjen.
 Ja, enz.

BEERT.

Dou, dou biste myn Tetsje,
 Dou, dou biste myn bern,
 Dou, dou bliuwste myn hertsje,
 Mei 'k dy as wiif ringen sjen.
 Ja, enz.

FETSJE en TETSJE. (*Hja sjonge togearre*)

FETSJE.

Dou, dou biste myn frijer,
 Dou, dou biste myn Heert,
 Dou, dou biste my neyer,
 Bliuwste my ljeaver as Beert.
 Ja, enz.

TETSJE.

Dou, dou, biste myn frijer,
 Dou, dou biste myn Beert,
 Dou, dou biste my neyer,
 Bliuwste my ljeaver as Heert
 Ja, enz.

Allegearre (*hân oan hân.*)

Moed, moed wolle wy hâlde,
 Moed, moed, makket it goed,

Moed, moed seil ues bihâlde,
 Bringt ues út soarg en út noed.
 Ja, ja, ja, ja.
 Bringt ues út soarg en út noed.

(*Wylst de feinten de fammen de hânnen om de hals
 slagge, springt Oebele op it toaniel*)

OEBELE.

Mei jimme wolnimmen, hjir bin ik ek al. It wirdt my dêr to binauwd ûnder dy bank en ik wier er ek bang foar, dat it hjir mei jimme op in frijen útdraeye scoe en dit kin 'k net best oansjen, hwent „aanzien doet gedenken,” sa as de dief sei, do hy syn maet oan de galge hingjen seach.

BEERT.

Hwet dochst dou hjir, divelske Skarlún ?

OEBELE.

Dat ha je redt, boer! Oebele Skarlún! om u te dienen, wiersizzer en divelbander.

HEERT.

Stekst ues de gek oan, smoarge poep ?

OEBELE.

Dat ha jou net, redt, minhear! Myn mem wier wol út it poepelân, mar ik bin in Fries. Myn heit is 't dalik troch 't sin gien, dat ik nei langer of koarter tiid in bern fen him wirde scoe, dy hab ik dos tafallich net kinnen leard.

TETSJE.

Dou bist net op dyn mûle fallen.

OEBELE.

Né, hertlapke! wo jou dat noch is better hjearre. (*Hy sjongt.*)

WIZE: *It Sceveningsce famke.*

Dêr wier ris in famke nei Flearterp ta tein,
 Dêr foun hja in frijer foart oan de earste Snein,

Dy frege hjar frij :
 „Kom, wost dou mei my ?”
 En 't famke sei dalik : „Ja, 'k wol wol mei dy !”

FETSJE.

Dou doarst it wol sizze of ljeaver sjonge.

OEBELE.

Ja, beste, ik scil noch wol ris. (*Hy sjongt.*)

Selde wize.

Dêr wier ris in famke nei Heechterp ta gien,
 Dêr foun hja in frijer, noait seach hja sa'n ien ;
 Dy frege hjar frij ;
 „Mei 'k bljuwe by dy ?”
 „Ja, wis wol !” sei 't famke, „bljuw dou mar by my.”

BEERT.

Nou is 't moayer noch.

HEERT.

Dat siz ik ek.

OEBELE.

Trykear is skippers-rjucht. (*Hy sjongt*)

Selde wize.

Mar, feintsjes ! it waerglês stiet danich forkeard,
 Dat hab ik niis fen dy twa famkes wol hjeard ;
 Mar 'k bin net sa min,
 Sa folle as ik kin,
 Meitsje ik it hjir hjoed jimme wis wol nei 't sin.

BEERT.

Dou ues helpe, dou it ues nei 't sin meitsje ? Hwermei ?

HEERT.

Mei syn wiersizzerij fest ?

TETSJE.

Dat seil wol moai wêze.

FETSJE

Jawol, tige by tige moai.

OEBELE.

Jimme hawwe 't sein.

ALLEN.

Hawar dan, sprek op !

OEBELE. (*Deftich.*)

De geast fen Ella Stella Bramapoetra, de greate prefeet fen de Biblebonsce berg, is feardich oer my en jowt my yn om to sizzen :

De jongkeardel, hwaens namme is Beert Stam, seil Maye boaskje mei 't famke oan syn rjuchter side en dy oare jongfeint, dy 't him Heert Swam skrijwt, krijt ta syn wiif de faem oan syn lofter side.

Sa seil 't wêze seit de geast fen Ella Stella Bramapoetra, de greate prefeet fen de Biblebonsce berg. (*Ienfaldich*)

Mar alle gekheit op in stokje, ik wit er alles fen. De Jong wol ha, dat Tetsje mei Heert boasket en jiffrouw Swier het hjar yn 'e holle set, dat Fetsje mei Beert trouwe mat. Dat is foar jierren al sa feststeld en ues skoalle-master scoe sizze: Dat 's nou in idele-fiks (*) geworden.

Mar as ik Tetsje heit goed sketten ha, den is dat in rjuchte en sljuchte Fries, dy neat fen útwridskens haldt en soks ek net yn syn skoansoan dildsje scoe. Alle minsken binne nou wol brurren en sisters, mar dêrom noch net gelyk en Fetsje mem is krekt oars om as de Jong en het in ougrisliken bult mei fizen en fazen en Fransce wynayen op, sadat hja in lom-pene boer foar hjar eagen net sjen mei en noait ta hjar skoan-soan nimme seil.

(*) idée-fixe.

Dêrom mat Heert him oanstelle as in greate kwast en Beert him foardwaen as in echte sùle den komt it grif sa 't ik jimme niis foarspeld ha.

ALLEN.

Moai bitocht! Moai bitocht!

OEBELE. (*Hy iepent de reissck.*)

Ik ha hjir yet hwet by my; dat seil jimme fen pas komme. (*Hy forklacit hjar.*) Heert wirdt nou de keale jonker út 'e Haske en Beert de sleaue soksis út it lân, dêr gjin lân efter is. (*Under it forklaeyen sjonge Tetsje en Fetsje mei enoar.*)

WIZE: *Ginds onder groene linden, of Loreley, of Kijk
maar schuin in mijn bloementuin.*

Dat seil in grapke wêze,
In grapke fen komsa;
Men mat de boel bilêze,
Wol men 't yn oarder ha.
Syn âlden to bidragen.
Dat stiet wol net sa gnap,
Mar in yens jonge dagen,
Den haldt men fen in grap.

Oan strie litt' w' ues net bine,
Sa lang noch touw er is;
Wy matte er hwet op fine,
Oars gjit it siker mis.
Hwennear de froulju trouwe
Mei manlju tsjin hja sin,
Den seil 't hjar danich rouwe.
En gjit it tige min.

HEERT.

Nou likest wol in lummel,

BEERT.

En dou in greate kwast.

HEERT.

In sleaue boerepummel,

BEERT.

In rjuchte swankebast,

ALLEN.

Dat dogge nou de klean, ja,

Dy meitsje al wer de man,

Komoan, nou scill' we in grap ha,

Wy witte er alles fen.

HEERT.

Dêr komt siker de Jong al oan. Foart, jimme! As ik yn
'e hânnen klap, den matte jimme hjir wer komme. (*Hja gean.*)

DE JONG.

Goên dei! bin jou Heert Swam?

HEERT.

Om u te diene, mesjeu! Hoe gaat het er mee? (*Hy
skoddet him de hân mâl hin en wer.*) Jou sjogge er petint
út: fest in goede mage?

DE JONG.

Jou dogge my sear.

HEERT.

O,âlde heer! ik bin yn 'e wolken.

DE JONG.

Ik net. Bin jou Heert Swam fen Heechterp wol?

HEERT.

Sa 't er zeilt en treilt bygelyks de Hollanders sizze.

DE JONG.

Nou, jou hawwe mear fen in Hollander as fen in goê
Fries!

HEERT.

Ja, ik siz âltiid: Hollân boppe! (*Hy set syn hege hoed tige skeef en sjongt.*)

Hij zet zjyn hoed op zjij,

Hij zegt: ga je mee met mij?

Ga je mee met mij, Ga je mee met mij?

Neen! zeide hij.

DE JONG.

Dêr scoe ik ek hertlik foar bitankje. Ik hâld it mei Fryslân en de Friezen.

HEERT.

Ja, dat seit ues beppe ek, mar dat is my to âlderwetsk. Wy matte wereldborgers wirde.

DE JONG.

Jou binne fest in sociaal-demokraat?

HEERT.

Ja, beste frjeun! as jou dat sa ha wolle, mei alle ljeafde ik kin mei alle wynen waye, dat scille jou en jou dochter al ridlik gouw ûnderfine. Zoo de wind waait, waait mijn rokje. (*Hy skermt mei syn rotting yn 'e loft.*)

DE JONG.

Wêz foarsichtig mei dyn stokje.

(*Heert slacht him op 'e hoed.*)

Scammest dy net? Blijuw mei dat smoarge ding fen my ôf!

HEERT.

Smoarge ding? Smoarge ding? Wol, nou noch moayer: It is in kroan wirdich.

DE JONG.

En dou bist neat wirdich en myn dochter kinst yn der iwicheid net krije. (*Hy giet.*)

HEERT.

Haast je maar niet! der komt noch in tram, (*near nei foaren.*) Dat 's milder noch gean, mar 't is net oars. (*Hy klapt yn 'e hânnen*)

DE OAREN. (*Hja sjonge.*)

WIZE: o, *Groote koopman in tabak.*

Ei, Heert! dat heste moai folbrocht,
 Hwet Oeb'le liep foar ues bitocht,
 Dou bist in ferme jonge; (*bis*)
 Nou kinst wer nocht en wille ha,
 Min ljeave ginst, ho diest it sa?
 Wy seill' dyn lof bisjonge. (*bis.*)

BEERT.

De diveker! foart jimme, dêr komt in jiffrouw, siker Fetsje mem oan. As ik it er mar sa goed ôfbring as Heert. Sa gouw as ik yn 'e hânnen klap, matte jimme wer komme. (*Hja gean.*)

JIFFROUW SWIER.

Dag, mynhear! bin jou by gefal Beert Stam ek?

BEERT. (*Hy het de hânnen yn 'e bûsen en hâldt de pet yn 'e earen.*)

Ja, ik bin Beert Stam. Ha jou kinde oan my.

JIFFROUW SWIER.

Ja, sjuch je, ik bin jiffrouw Swier, en jou bin hjir ormers komd om my to sprekken oer min dochter Fetsje?

BEERT.

O, jawol, just, ei kom! binne jou dat wiif mei safolle moeder oan de kloet? Nou, jou kinne wol mei dwaen, hjeur; mar ha jou jou dochter. ho hjit hja ek wer?

JIFFROUW SWIER. (*ûngedildich*)

Fetsje.

BEERT.

O, jawol, just, 't is ek sa: mar ha jou jou dochter net meinomd en kin hja goed skrobje en skurje, hwent jou matte witte, as myn wiif my dat net nei 't sin docht, alhowel ik neat net sinnich bin, den krijt hja just net san noflik libben by my.

JIFFROUW SWIER.

Mar, mynhear Stam!

BEERT.

Ik bin gjin mynhear, ik hjit Beert.

JIFFROUW SWIER.

Nou den, sljucht wei Beert!

BEERT.

Just, jawol, nou kin 'k jou forstean, hwet woenen jou nou sizze?

JIFFROUW SWIER.

Ei, neat!

BEERT.

Neat is in bytsje. Mar hwet ding ha jou dêr? It reint ommers net, wiif? (*Hy ûntnimt hjar de parasol.*) As jou dochter ek 'sa'n ding het, den kin hja dat ding wol yn 't fjûr trûwe.

JIFFROUW SWIER (*fensiden.*)

Hwet in ûnbihouwen keal! (*Lûd.*) Brek myn nye brúnsiden parasol net.

BEERT.

Just, jawol, ei kom, den kinne sokke dingen ek al brekke? Nou dizze is noch al sterk. (*Hy docht de parasol iepen en ta en het it ûngelok hjar te brekken.*)

JIFFROUW SWIER.

Dêr sjucht men nou wer oan: „Skúnmaker hâld jou by jou least!”

BEERT.

Just, jawol! En dêrom freegje ik jou, kin jou dochter goed bodsje en mei hja wol earte, beane en spek fen siike baergen of flêsk fen keallen, dy 't oan de biltsjucht stoarn binne?

JIFFROUW SWIER.

Jou ha fest de gek er mei, mar is er by jimme ek in pianine yn 'e hûs?

BEERT.

Dat kin jou bigrype, in pejaline! né, jiffrouw Swier! dat kin de brúne net lúke. Wy kinne oars wol dounsje, sjuch mar. (*Hy dounset allinne it toaniel op en near mei málle sprongen, en wol hjar mei oan 't dounsjen ha.*)

JIFFROUW SWIER.

Kom net oan my, sleaue baerch! Ik mat neat fen dy hawwe, ik mei dy foar myn eagen net sjen. (*Hy dounset troch en sjongt.*)

BEERT.

Als vischwijf kan zij kijken.

JIFFROUW SWIER.

Dou kinst dyn sinnen mar fen myn dochter ôfsette, hjear! Hja wol sa'n mispunt lang net hawwe. (*Hja giet.*)

BEERT.

Ik kin 't net helpe. (*mear nei foarren.*) Jonge, Beert! scoe 't geneesmiddel net hwet al to kras wêze? (*Hy klapt yn 'e hânnen*) Nou it is int oars.

DE OAREN.

Dat is ek goed gien. (*Hja sjonge.*)

Selde wize.

Ei, Beert! dou mast in plûmke ha,

Dat komt sa'n flinke jonge ta,

Dat wúfke hest genezen. (*bis*)

En dêrom hawwe wy gjin noed,

't Gjit alles hjir mar tige goed,

Wy hawwe neat to vreezen (*bis.*)

OEBELE.

Nou Beert en Tet op dizze en Heert en Fet op de oare bank, den scil ik allinne nog in sangkje. (*Hja gean sitten.*)

Hy sjongt op 'e selde wize.

Nou kinn' jimme Oebele Skarlún,
 Hy liedt de minsken om 'e tún,
 Mei al syn fize fazen, (*bis.*)
 Mar dêr is hy neat minder om,
 Hwent och, de minsken binn' sa dom,
 Sels folle greate bazen. (*bis.*)

TETSJE.

Dêr komt heit wer oan.

FETSJE.

Mei ues mem.

OEBELE.

Gean jimme nou noch efkes efter de beammen. As ik
 fluitsje, matte jimme earm yn earm wer komme.

ALLEN.

Dwaen, hjaar! (*Hja gean.*)OEBELE. (*Hy sjongt.*)*WIZE: Kolijn een brave boerezoon*

Ik bin net, hwet ik sa wol lyk,
 Dat seil men nou fen my wol hjaarre;
 Mar die 'k it ek al núwer bryk,
 Dat seil ik goedernoch forklearje.
 Hwent 't gjit yn 't libben ek sa wol,
 Om hjir sa ta syn doel to reitsjen,
 Docht mannichien al is hy dol
 En bringt er folle lju oan 't laeitsjen. (*bis.*)

JIFFROUW SWIER. (*Hja komt mei de
 Jong op.*)

Hwa scoe om jou ek net laeitsje?

DE JONG.

Hwa biste?

OEBELE.

De wiersizzer fen Nergenshúsen.

JIFFROUW SWIER.

Den matte jou de merken opsykje, hjir falt dochs neat foar sokke lju to fortsjinjen.

OEBELE.

Och, jiffrouw! dat wit ik net. Jou pake sei altiid: „Yn troebel wetter is 't goed fiskjen, oars net?”

JIFFROUW SWIER.

Ginst noch ta, ho wit er dat?

DE JONG.

Ha jou wol ris fen Akke fen 't Vliet hjeard? Dat mat yn hjar tiid in boppest beste wêst hawwe.

OEBELE.

Ja, minhear de Jong! dat mat wol in great ljocht op 'e kandlear wêst hawwe, mar lju dy 't rjucht en sljucht wier-nen lyk as jou heit, hienen er yn 't iepenbier de gek mei.

DE JONG, (*fensiden.*)

In frjemde wiersizzer.

JIFFROUW SWIER. (*Hja komt de Jong ticht op 'e side.*)

Scoe 't ek wat al to mâl wêze as we him is forsochten ues in lyts prjeauke fen syn gnappens yn 't wiersizzen to jaen?

DE JONG.

Ei, né, jiffrouw Swier! Der kin gjin kwea fen komme en de beammen om ues hinne kinne 't net hjearre en scille dos wol swije.

OEBELE, (*deftich.*)

Neat den goed kin hjir fen komme, mar de beammen hawwe earen en hwet goed is blijuwt goed en seil nen minsce keare. Mei ik de eare hawwe, minhear de Jong en jiffrouw Swier! om jimme hjir ris wier to sizzen?

DE JONG.

Om my kin 't barre. Mâlle gouw bin 'k net forbûke.

JIFFROUW SWIER.

Ik bin der ek net op tsjin, as 't mar net bûten de pjeallen
fen de wolfûchlichheit giet.

OEBELE.

Hawar den! (*Hy bliest op in fluitsje.*)

DE JONG.

Hwet mat dat bitsjutte.

JIFFROUW SWIER.

As 't mar net to mâl giet.

OEBELE.

De geast fen Ella Stella Bramapoetra, de greate prefeet fen de
Bibelebonsce berg is feardig oer my en jowt my yn om to sizzen :

Dêr binne fjouwer jongelju, dij freegje heit en mem om nei
hjar sin

(*Beert en Tetsje en Heert en Fetsje falle op 'e knibbels
foar de Jong en jiffrouw Swier.*)

DE JONGELJU.

To trouwen.

OEBELE.

(*Hy spriedt syn hânnen seinjend oer hjar út.*)

Dit amerij is plechtig!

DE JONG.

Wol deales, Tet! Beert mei dy?

JIFFROUW SWIER.

Min hearink, Fetsje! Heert mei dy?

OEBELE. (*Hy rjucht hjar wer op.*)

Sa is 't in 'e Himmel besletten en hjir op de ierde seil der
rju bliidscip en folle jierren freuchde oer wêze.

DE JONG.

Mar, Heert! dou likest nou folle fetsoenliker as niis.

JIFFROUW SWIER.

En Beert is nou ek wol in oannimmelik persoan, dat mat ik
mar sizze.

OEBELE.

Forjaen it dizze frijers, hwent ljeafde siket list en jou de skild mar oan (*Hy smyt jas, hoed, bril en bird wei en is nou gewoan klaeid.*)

ALLEGARRE.

Omke Jouke.

OEBELE of OMKE JOUKE.

Ja, omke Jouke, dy it net oer syn hert bringe koe, dat fjouwer jonge fleuriche minsken ûngelokkich wurde scoenen.

DE JONG.

Dou alde biseint!

JIFFROUW SWIER.

Wol in rjuchte skarlún!

DE JONG.

Nou, Beert! dou scist myn dochter den mar ha. Gelok er mei. (*Hy jout him de hân*)

BEERT.

Ik bin jo fen herte tankber, de Jong!

JIFFROUW SWIER.

En Heert! ik jaen jou min dochter. Ek gelok er mei. (*Hja jout him de hân.*)

HEERT.

Nou bin ik foar goed yn 'e wolkens.

De oare JONGELJU.

Wy ek, wy ek.

OEBELE of OMKE JOUKE.

En as ik nou yet ris wiersizze mei, den krije wy net twa, mar wol trije brilloften.

Ja, de geast fen Ella Stella Bramapoetra, de greate prefeet fen de Biblebonsce berg wirdt yet ris feardich oer my en jout my yn om to sizzen:

Dizze twa nommele âlden wurde ek in pear. (*Hy wiist op de Jong en Jiffrouw Swier.*)

DE JONG.

Mat dat mar wêze, jiffrouw Swier?

DE JONGELJU.

Ja, ja, ja, dat mat âltiid wêze.

JIFFROUW SWIER. (*oandien.*)

Jongelju! Ik tank jimme foar jimme byfal en hoopje in goed wiif foar de Jong to wirden en noch jierren lang in beste mem foar jimme to bliuwen.

HEERT.

Lit ues den noch mar ris sjonge.

ALLEGEARRE

S L O T S A N G .

WIZE: *De Oude tante.*

1.

Kom, frjeunen! jong en âld.

Elts, dy fen sjongen haldt,

Nou 't trouwen wêze scil.

Hald jimme nou net stil.

Kom, sjong nou allen mei,

Wy binne núver bly,

Hwent Beert en Tet en Heert en Fet,

Dy krije pret.

Hwent hja scille Meye trouwe,

Mei 't hjar net rouwe,

Mei 't hjar net rouwe.

Né, frjeunen! mei it hjar net rouwe,

Mannich jier. Mannich jier.

Is 't den plezier.

En nou dy beide âldjes dy trouwe ek noch is, ja,

Dat scil in brilloft wirde, in brilloft ten komsa,

Dat ha we nou to tankjen oan omke Jouke, hy,

Hy brocht it hjoed sa fier troch syn wiersizzery

Dêrom jaen wy mei elkoar
 Omke Jouke tank der foar.
 Tralala, Tralala !

2.

Kom, fjeunen, enz
 O, feinten en o fammen op dizze wiide wrâld,
 Och siikje yn de ljeafde jimm' lok en jimm' bihâld.
 Dat mast oeral sa wêze, de ljeafde hjeart er by,
 Hwent dêrom binne wy nou ek sa bly, sa bly.
 Dêrom klinkt it yn ues sang :
 Omke Jouke ! libje lang !
 Tralala, Tralala !

3

Kom, fjeunen, enz.
 Kaem alles sa yn oarder as hjoed op dizze dei,
 Den wier 't mei folle minsken wol better, leau dat frij,
 As jimme den ues kluchtspil foldien het mei elkoar,
 Den freegie wy biscieden jimme tank dêr foar.
 Letter woll' wy den, hawer !
 Graech for jimme yet ris wêr.
 Tralala, Tralala !



M. 76







